

LfT 304

1

De Heit is trou, syn plannen komme út.  
Hy kiest syn minsken út en ropt har nammen.  
Hy ken it no, sjocht hoe't de takomst wurdt.  
Wa't op syn wurd fertrout stiet noait beskamme.  
Want wat Him foar de geast stiet bringt syn hân  
mei krêft ta stân.

2

De Soan is Hear, syn keningsmacht is wis,  
syn hearskippij omfiemet alle tiden.  
Syn sterke hân taast nea noch nimmer mis.  
It kwea sil Hy mei 't hillich swurd bestride.  
En alle machten tsjin syn ryk yn 't spier  
blaast Hy omfier.

3

De hill'ge Geast, dy't yn de wierheid liedt,  
lit oan de tsjerke Gods geheimen witte.  
Dy't yn der ivichheid net fan har skiedt,  
wist syn bestek mei wiisheid út te mjitten.  
Sa giet de tsjerke, dreaun troch wyn en fjoer,  
de ierde oer.

*tekst* Hendrik Pierson

*oersetting* David de Jong

*meldij* Christian Gregor – 'Er wird es tun, der fromme, treue Gott'